PERSBERICHT

provinsje fryslân
provincie fryslân

Nummer: 134 AK
Datum: 28 november 2023

Subsidieregeling wolfwerende maatregelen uitgebreid

Aanvragers van de subsidieregeling 'Voorkomen schade door wolven' ontvangen voortaan de subsidie voordat ze wolfwerende rasters aanschaffen. Eerder was dit achteraf, maar Gedeputeerde Staten maken de subsidieregeling nu toegankelijker voor de dierhouders. Daarnaast kunnen houders van runderen, paarden en pony's ook gebruik maken van de subsidieregeling. Die was eerder alleen voor schapen- en geitenhouders.

In de winter van 2021/2022 vestigde zich een wolvenpaar in Zuidoost-Fryslân. Gedeputeerde Staten stelden daarom in het voorjaar van 2022 een subsidieregeling vast voor de aanschaf van wolfwerende rasters. Ook werd een Gebietskommisje Wolf benoemd die Gedeputeerde Staten adviseren over beschermingsmaatregelen voor landbouwhuisdieren en de financiering daarvan. De uitbreiding van de subsidieregeling is gedaan op advies van de Gebietskommisje Wolf.

Gedeputeerde Matthijs de Vries verwacht dat er meer gebruik wordt gemaakt van de subsidieregeling: "Op dit stuit is wolveskea allinnich foar te kommen troch wolfkearende maatregels te nimmen. Wy wolle feehâlders dêrom safolle mooglik stimulearje en fasilitearje mei in ferbettere subsydzjeregeling, in aktive gebietskommisje en in wolvekonsulint."

Gedeputeerde Staten vinden de Gebietskommisje Wolf een meerwaarde voor de mienskip en stellen daarom ook voor 2024 en 2025 budget beschikbaar. Voorzitter Harry Oosterman: "Wy sjogge dat it nimmen fan wolfkearende maatregels noch in hiele útdaging is foar Fryske bistehâlders. Wy tinke dat de oanpaste subsydzjeregeling in goede stap is. Wy hâlde de útkomsten hjirfan yn de gaten. Wy binne bliid dat wy ús de kommende jierren ynsetten bliuwe kinne foar in praktyske útfiering om wolveskea te foarkommen."

Bekijk hier het advies en de evaluatie van de Gebietskommisje Wolf.

PARSEBERJOCHT

Nûmer: 134 AK
Datum: 28 novimber 2023

provinsje fryslân
provincie fryslân

Subsydzjeregeling wolfkearende maatregels útwreide

Oanfregers fan de subsydzjeregeling 'Voorkomen schade door wolven' krije tenei de subsydzje foardat se wolfkearende rasters oanskaffe. Earder wie dat achterôf, mar Deputearre Steaten meitsje de subsydzjeregeling no tagonkliker foar de bistehâlders. Dêrneist kinne hâlders fan kij, hynders en ponys ek gebrûk meitsje fan de subsydzjeregeling. Dy wie earder allinnich foar skiep- en geitehâlders.

Yn de winter fan 2021/2022 fêstige him in wolvepear yn Súdeast-Fryslân. Deputearre Steaten stelden dêrom yn de maitiid fan 2022 in subsydzjeregeling fêst foar de oanskaf fan wolfkearende rasters. Ek waard in Gebietskommisje Wolf beneamd dy 't Deputearre Steaten advisearje oer beskermingsmaatregels foar lânbouhúsdieren en de finansiering dêrfan. De útwreiding fan de subsydzjeregeling is dien op advys fan de Gebietcommissie Wolf.

Deputearre Matthijs de Vries ferwachtet dat der mear gebrûk makke wurdt fan de subsydzjeregeling: “Op dit stuit is wolveskea allinnich foar te kommen troch wolfkearende maatregels te nimmen. Wy wolle feehâlders dêrom safolle mooglik stimulearje en fasilitearje mei in ferbettere subsydzjeregeling, in aktive gebietskommisje en in wolvekonsulint.”

Deputearre Steaten fine de Gebietskommisje Wolf in mearwearde foar de mienskip en stelle dêrom ek foar 2024 en 2025 budzjet beskikber. Foarsitter Harry Oosterman: “Wy sjogge dat it nimmen fan wolfkearende maatregels noch in hiele útdaging is foar Fryske bistehâlders. Wy tinke dat de oanpaste subsydzjeregeling yn goede stap is. Wy hâlde de útkomsten hjirfan yn 'e gaten. Wy binne bliid dat wy ús de kommende jierren ynsetten bliuwe kinne foar in praktyske útfiering om wolveskea te foarkommen.”

It advys en de evaluaasje fan de Gebietskommisje Wolf binne ek te lêzen.

Foar mear ynformaasje oer dit parseberjocht kinne jo belje mei 058 – 292 57 35. Dit parseberjocht is ek te finen op ynternet: www.fryslan.frl / Voor meer informatie over dit persbericht kunt u bellen met 058 – 292 57 35. Dit persbericht is ook te vinden op internet: www.fryslan.frl.